

Swingel, (Fryske Beweging) 2002

Iepen brief ûnderwiis en ynboargering septimber 2002
Histoarje Fryske Reklamepriis sept 2002
Peaskecongres 2002
Ferslach FUEN-kongres 2002
Brief oan Adelmund 17 maaie 2002
Frysk yn VMBO april 2002
Fryske reklamepriis 2001
Brief oan Adelmund april 2002
kearndoelen Frysk 3

Swingel 2002

Iepen brief: Frysk en de ynboargering fan (ym)migranten

FFU Feriening Frysk Underwiis
Oansletten by de Ried fan de Fryske Beweging
Skriuwerskip: G. van der Hoef
Pasteurwei 42
8921 VR Ljouwert

Oan it Kolleezje fan Deputearre Steaten
Provinsjehûs
Twibaksmerk 52
8911 LZ Ljouwert

Underwerp: Frysk en de ynboargering fan (ym)migranten

Ljouwert, 14 sept. 2002

Achte kolleezje,

De easken dy't steld wurde moatte oan ymmigranten dy't ynboargerje moatte yn de Nederlânske mienskip, binne de lêste tiid troch alderlei oarsaken hieltiten mear yn it nijs. De Wet Inburgering Nieuwkomers, dy't yn 1998 ynfierd is, leit nije ymmigranten yn Nederlân de ferplichting op in taal- en ynboargeringskursus te folgjen. De rendeminten dêrfan binne oant no ta noch beheind. In protte dielnimmers komme net op les of meitsje de kursus net ôf. De tendins is dat it asylbelied stranger wurdt en der ûnder oaren mear omtinken komme moat foar sanksjes (ferl. ek de LC fan 26-3-2002). Dyselde tendins is ek yn de lannen om ús hinne te merkbiten, bygelyks

Dútslân (strangere talittingseasken yn de ymmigraasjewet, LC, 23-3-2002) en Denemarken (praattest op it nivo lêste learjier basisskoalle).

De ferplichte ynboargering en de tendins ta strangere easken foar it Nederlânsk binne op harsels in goed ding, mar as it tinken is mei de útgongspunten fan it provinsjale taalbelied yn Fryslân (lykweardigens en lykberjochting fan it Frysk en Nederlânsk, Van Geunst nei Rjocht, yn 1985 troch Provinsjale Steaten fêststeld) yn de offisjeel twatalige provinsje Fryslân, dan soe dat ek gefolgen hawwe moatte foar nijkommers yn Fryslân. Ommers: eindoel fan dat belied is dat oan 'e iene kant eltse ynwenner fan Fryslân yn steat is Nederlânsk en Frysk te ferstean, te praten, te lêzen en te skriuwen en dat oan de oare kant de maatskippij sa ynrychte wurde moat, dat de ynwenners ek de reële mooglikheid krije om yn elts domein neffens eigen kar Frysk of Nederlânsk te brûken (ferl. Rapportazje fan de wurksumheden oer de jierren 1999-2001, Berie foar it Frysk, Ljouwert, 2002, s. 7). Noch te fanselssprekkend geane ynkommelingen derfan út dat it Frysk net sa needsaaklik is (ferl. ek 'Duitser wil af van Fries in Lemster raadscommissie', LC., 14-5-2002)

Op in stúdzjemiddei oer de ynboargering fan nij-ynkommelingen yn Fryslân (Meiïnoar thús yn Fryslân/ Je thuisvoelen in Fryslân, 19 maart 1999; Berierapport 14) is it ynboargeringstrajekt yn it twatalige Fryslân troch it Berie foar it Frysk en COS Fryslân op it aljemint brocht. Ien fan de oanbefellings as risseltaat fan de ynliedings en diskusje wie, dat it net mei frijbliuwende les-suggestjes oer dialekten en streektalen takin en dat der in fakultative module 'Frysk ferstean' opnommen wurde moatte soe yn it edukative programma fan it ynboargeringstrajekt of dat nei it ferplichte ynboargeringstrajekt der in oanbod wêze moatte soe fan in fakultative module Frysk ferstean (en evt. lêze). Behearsking fan it Frysk soe gjin ferplichting wêze meie. (Rapportazje [...], 2002, s. 33).

Sjoen de ûnderfinings oant no ta mei ynboargeringskursussen yn ûnderskate lannen fan de EU (û.o. Nederlân) op it stik fan de oaneigening fan de dominante lânstaal en de útgongspunten fan it provinsjaal taalbelied op it stik fan de needsaaklike behearsking fan it Frysk yn Fryslân (sjoch boppe), kin men fan tinken wol hawwe dat fakultativens hjir absolút net wurket. It soe neffens ús tige nayf wêze om te tinken dat in 'yn de gelegenheid stellen om it Frysk ferstean en lêzen te learen' en it útsprekken fan de winsklikens dêrfan foar de wurkflier en de beropsútoefening (Ibid., s. 34) genôch is om de eigen provinsjale útgongspunten op it mêd fan de Fryske taalbehearsking en in echte frije kar foar it Frysk troch Fryskpraters

yn elts domein mooglik te meitsjen. Soks is mei-inoar yn tsjinspraak.

Wy soene der dan ek by jimme op oanstean wolle om yn de Wet Inburgering Nieuwkomers opnimme te litten dat it Frysk ferstean (en leafst ek lêzen) in minimumeask wurdt yn it edukative programma fan it ynboargeringstrajekt yn Fryslân foar eltse nijkommer dy't yn Fryslân wenje en/of wurkje wol. It is foar de takomst fan de Fryske taal en kultuer fan belang dat ek nij-ynkommelingen mei-ferantwurdlikheid foar dy taal en kultuer leare te dragen.

Mei heechachtinge,

Drs. Th. Dijkstra
Foarsitter FFU

Swingel 2002

Histoarje Fryske Reklamepriis Th. Dijkstra

Untstean en aktiviteiten fan de kommisje Fryske Reklamepriis .
In oersjoch 1992-2002

Krystkongres

Yn 1992 is Omrop Fryslân úteinset mei it útstjoeren fan reklameboadskippen op de radio.

Op it Krystkongres desember '92 fan de Fryske studinteferienings yn Frensjer waard pleite foar it brûken fan it Frysk as reklametaal . Mar 7 % fan de spotsjes wienen frysktalich wylst dizze taal de normale útstjoertaal fan dizze omrop is.

Stimulearringspriis

De Ried fan de Fryske Beweging en de Feriening Freonen fan Omrop Fryslân besleaten aksje te ûndernimmen en , mooglik yn 'e mande mei oaren, in proses op gong te bringen it Frysk in grutter en mear fanselsprekkend plak te jaan yn de eterreklame op Omrop Fryslân en letter ek de lokale omroppen. It middel soe wêze it ynstellen fan in stimulearringspriis om foarbylden fan it op in positive manier brûken fan it Frysk of in fryske streektaal yn radio- (en letter tv-kommersjals) te beleanjen en sa it brûken fan dizze taal as reklametaal te befoarderjen. It ein doel is it trochbrekken fan de hollânsktalige reklametaal-tradysje. Foar

de harkers fan Omrop Fryslân is it net nedich om yn it Hollânsk te advertearjen , omdat lju dy't it Frysk net ferstean wolle en/of kinne net op dizze stjoerder ôfstimme sille. Boppedat kin it ek krekt in hiel posityf effekt ha.

De priis

De priis sil earst om de 2 jier útrikt wurde.

De opdrachtjouwer kriget in moaie oarkonde ynearsten ûntwikkele troch keunstnaresse Lolkje van der Kooi en letter troch meiwurkers fan Omrop Fryslân. Om de priis "gewicht" te jaan moat it net allinne om de ear fan it krijen gean , mar ek in materiële stipe wêze: f2500,- fergese útstjoerminuten op Omrop Fryslân.

Net allinne de opdrachtjouwer is fan belang yn it proses fan it meitsjen fan kwalitatyf goede frysktalige reklameboadskippen mar ek it reklameburo dat de spot realisearre. It meitsjen fan in goede tekst en it brûken fan goede 'stimmen' is fan grut belang. It reklameburo/lûdsstudio kriget dêrta in moaie perspeksfiguraasje as beleaning (opdracht oan firma Repko te Snits). Uteraard moat it útrikken fan de priis publisiteit krije om bedriuwslibben en reklamewrâld te ynteressearjen foar it fenomeen frysktalige reklameboadskippen.

De wurkgroep

De leden fan it wurkgroepke yn 1992:

J. van Bethlehem (Freonen), M. Vis en Th.Dykstra (Ried), M. de Boer (Omrop Fryslân, R. Wielinga (Omrop Reclame Fryslân)

Van Bethlehem is opfolge troch Van der Meulen (2001).

Letter fertsjintwurdigen R. Tolsma en S. Miedema de Omrop en H.Haytema, F. van Meerloo en P. van der Zande de ORF

De wurkgroep is yn oktober '94 oerstapt op de namme 'kommisje Fryske Reklamepriis' ; de wurkgroep kriget in mear permanint karakter foar it organisearjen fan de útrikkings.

Yn 2002 is de gearstalling fan de komisje en de funksjes nochal feroare troch in tal fertsjintwurdigers út it bedriuwslibben.

Stipe fan oare organisaasjes

Yn de korrespondinsje mei de advertoarders is oanjûn dat as der ferlet fan is help op taalkundich mêd te krijen is by :

- de Afûk (tekst en stimmen)
- de Fryske Akademy (tekst)
- de tekstwinkel Gysbert Japicx (tekst)

De sjuery

Yn 1993 is in ûnôfhinklike sjuery foarme nei't de kritearia foar it takennen fan de prizen fêststeld wiene:

- R. Jonkman , foarsitter (taalkundige).
- H. Dilling (reklame sjoernalist)
- R. Oostra (âld-direkteur de Lawei, theaterman)

Oostra is letter opfolge troch Ingrid Wagenaar (Stipepunt Afûk) en doe't yn 1999 ek tillefyzjereklame der by kaam is J. van der Zee (programmamakker Van Gewest tot Gewest) it fjirde lid fan de sjuery wurden.

Begrutting

De Ried en de Freonen moasten mei help fan Omrop Fryslân sjen jild foar de útrikking fan de priis los te krijen. It finen fan sponsoren (útsein ORF foar de útstjoerminuten) slagge net.

De provinsje Fryslân joech op grûn fan de Regeling Befoarding Frysk Taalgebrûk yn 2001 rjochtstreeks oan de kommisje f8275,-.

Foar de útrikking 2002 waard in ekstra doelsubsydzje fan in lytse f10.000,- rjochtstreeks oan de Ried oermakke foar de aktiviteiten fan de reklamepriiskommisje.

Utrikkings

1995(1)

De útrikking 1995 op 14 maart 1995 op de Ljouwerter bedriuwkontaktdagen. By toerbeurt stiene de kommisjeleden mei in stand (mei Omrop Fryslân) foar de pr. De útrikking sels wie yn in aparte seal fan it FEC.

Tal belangstellenden: 50.

De prizen waarden útrikt troch de siktaris fan de Keamer fan Keaphannel Fryslân, H.B. Reinders. De winner wie it Regionaal Bureau Arbeidsvoorziening Leeuwarden.

1997(2)

De útrikking fynt plak wer yn it FEC op de Ljouwerter bedriuwkontaktdagen 19 maart 1997. Rients Gratama is frege om foar de útrikking in spesjale konferense te hâlden mei in passend liet. Ien en oar wurdt direkt útstjoerd yn it programma "Wurktiid" troch Henk Feitsma. De priis is foar Hart Nibbrig & Greeve Bv te Sassenheim, Mitsubishi-dealer Nederlân. Sawol de winner as de makker (Le Bureau te Rotterdam) komme net út Fryslân.

1999(3)

Dit kear fynt de útrikking net yn it FEC , mar yn de kantine fan Omrop Fryslân , de nije lokaasje op de Hemrik en wol op 30 novimber '99. Yn it "geweld" fan de bedriuwkontaktdagen falt de útrikking net genôch op en de kommisje kiest foar in aparte feestjûn foar it Fryske bedriuwslibben. It bedrach oan útstjoerminuten wurdt ferdûbele fan f2500,- nei f5000,-. Prof Pellenburg fan de RUG hâldt in ynlieding en der folget in foarumdiskusje mei de seal.

Winner is de net-útrikte radio-priis foar kultureel sintrum Amacitia te Snits (Makker R. Gratama) .De winner by de tillefyzje wie TCT-keukens út Tolbert.De prizen wurde útrikt troch dhr. Paques, foarsitter Keamer fan Keaphannel.

Dit jier waard ek foar it earst in publykspriis útrikt : Jansma Birdaard.

2001(4)

Op 6 febrewaris 2001 wurde foar de 4e kear de Fryske reklameprizen útrikt. Lokaasje: De kantine fan Omrop Fryslân. Prof. Gerritsen fan de Katolike Universiteit fan Nijmegen hâldt in ynlieding en der wurde neist de winnende spots en oare útlânske foarbylden sjen en hearre litten.

Foar de werkenberens fan de reklamepriiskommisje wurdt troch ACE in eigen logo ûntwikkele.

Winner fan de radio-priis: Mediamarkt, Ljouwert.

Tillefyzjepriis: Fryslântapijt.

Publykspriis: Damstra Fiskhannel, Wâldsein.

2002(5)

Op 4 maart wurdt foar de fyfte kear de Fryske reklamepriis útrikt en wol op 4 maart 2002 yn de Harmonie te Ljouwert. . Dit kear is it net oer de perioade fan 2 jier , mar 1 jier.

len en oar is grutter, professioneler en ek feestliker opset mei troch de stipe fan de Kommersjele Klubs yn Fryslân en dat is ek te merken oan it tal dielnimmers: goed 400.

Lieding : E. Jansen , direkteur Keamer fan Keaphannel.

Bydragen: H. Faber en R. Gratama

Utrikking fan de prizen : deputearre B. Mulder.

Winner tillefyzje: Het Friese Land

Winner radio: CBD-Leeuwarden.

Essent publyksprijs (fia internet): Pro Acts fan Vlakland Communicatie.

De doelen om sawol kwalitatyf as kwantitatyf frysktalige (streek) reklameboadskippen op radio en tillefyzje fuort te sterkjen binne noch net

folsein berikt. Der is wol sprake fan in lichte foarútgong. In kwestje fan folhâlden en sykje nei "kreative" aktiviteiten.

Swingel 2002

YEN-Peaskekongres 2002 yn Grou Elbrecht Claus

YEN-Peaskekongres 2002 yn Grou

Fan sneon 23 oant en mei freed 29 maart 2002 fûn it jierlikse Peaskekongres fan de Europeeske koepelorganisaasje foar jongereinferienings út minderheidstalegebieten, Youth of European Nationalities (YEN), plak yn Grou, Fryslân. It kongres is te fergelykjen mei it FUEN-kongres, dat yn 2001 plak fûn yn it Hearrefean, organisearre troch de Ried fan de Fryske Beweging. De organisaasje fan it YEN-Peaskekongres wie yn hannen fan jongereinferiening Frysk Ynternasjonaal Kontakt (FYK). In team besteande út tsien FYK-leden hie twa jier dwaande west om de 130 jongeren út 22 ferskate lytse taalgebieten út Europa goed opfange te kinnen.

Op snein 24 maart waard it kongres offisjeel iepene troch boargemaster Ipe Dykstra fan de gemeente Boarnsterhim en de hear Dr. Rein fan it Dútske ministearje fan Ynlânske Saken, neist de provinsje, gemeente Boarnsterhim en in tal Europeeske fûnsen ien fan de wichtichste stipers fan it kongres.

It program fan de wike, mei as tema lykwicht, wie in miks tusken serieuze saken en fertier c.q. kultuerhoppe. Serieuze saken wiene ûnder oare de Central Committee Meeting (CCM, tariedende gearkomste), de General Assembly (GA, Algemiene Ledegearkomste) en it sântal wurkwinkels. Sa as in sportwurkwinkel, wêrby't de klam benammen op it fysike lykwicht lei. Of in wurkwinkel wêrby't dielnimmers, útgeande fan in fiktyf budget, sels plannen betinke mochten om dy dêrnei, as wiere politisy, yn de Steateseal fan it provinsjehûs yn Ljouwert ferdigenje te moatten. Yn de wurkwinkel Frysk is Fun hawwe de dielnimmers it lykwicht yn it taalbelied neier besjoen en boppedat ek noch wat Frysk leard.

Under de GA tsjinne it FYK fjouwer resolúsjes yn: ien oer it te realisearjen Fryske Hûs, ien oer it Europeeske útwikselprojekt foar basisskoallen út lytse taalgebieten Euroskoalle, ien oer de posysje fan it Frysk yn it foarsetûnderwiis en ien as lêste ien oer it Europeesk Hânfest foar Minderheidstalen yn. De resolúsjes, dy't mei hûndert prosint fan de stimmen oannaam waarden, binne yntusken opstjoerd nei ynstânsjes dy't har dwaande hâlde mei de rjochten fan minderheden yn Europa, de Provinsjale Steaten, de media yn en bûten Fryslân, ensfh. It earste

súkseske is hat al west: de posysje fan it fak Frysk yn it fuortset ûnderwiis is yntusken foar de earstkommende trije jier troch in subsydzje fan de provinsje feilich steld, ek mei troch de ynspannings fan de Ried fan de Fryske Beweging. De FYK-resolúsjes binne ek op ús thússide te finen, www.fyk.nl.

Op de General Assembly waard ek in nije YEN-bestjoer ferkeazen. Ald-ponghâlder fan it FYK, Frank de Boer (26), is de nije ponghâlder yn it YEN-bestjoer wurden. Jan Diedrichsen (26) fan de Dútske minderheid út Denemarken is de nije foarsitter fan de YEN. Hy folge de Noardfriezinne Anne Hahn (23) op.

Fertier en kultuerhoppe fûn plak yn de foarm fan in besite oan Aolus te Seisbierrum, in besite oan it Kazemattenmuseum by de ôfslútdyk, de beklimming fan de Alde Hou en in besite oan it Frysk Museum. Earder yn 'e wike hie der al in foto-speurtocht plakfûn troch Grou, mei fragen oer Fryslân en it Frysk, dy't eindige mei in fierljep-demonstraasje by sporthal De Twine. In tal dielnimmers weage sels ek in sprong; wiete klean hat dat lykwols net oplevere. Fansels wie der jûns gelegenheid om ûnder genot fan in drankje en muzyk yn de bar fan jeugdherberch Oer it Hout nije kontakten te lizzen, plannen foar útwiksels te meitsjen, âlde freonen te moetsjen en te praten oer minderheidskwestjes.

Sawol it organisaasje team as it YEN-bestjoer en de dielnimmers wiene tige te sprekken oer it ferrin fan it Peaskekongres. Wy hawwe in machtmoaie wike hân!

Swingel 2002

FUEN-kongres 2002 yn Subotica Elbrecht Claus

As ik dit ferslach skriuw, sit ik yn 'e bus fan Subotica nei Belgrado. Ik reizgje tegearre mei Frank de Boer, ek lid fan it FYK, werom fan it FUEN-kongres yn Vovjodina, Servië. It wiene in pear tige yntinsive mar benammen ek moaie en learsume dagen....

As foarsitter fan it FYK fyn ik it tige wichtich om kontakten te lizzen en te hâlden tusken de âlde- en jongerein. Dy fyzje die my in pear wiken lyn besluten om kontakt op te nimmen mei foarsitter Jaap van der Bij fan de Rie, om te fernimmen oft ik ek mei koe mei harren delegaasje foar it FUEN-kongres. Sa sein, sa dien.

Op woansdeitemoarns 8 maaie reizgen Frank de Boer (bestjoerslid fan de YEN, en dêrom ek útnoege troch it FUEN) en ik of nei Belgrado, dêr't de dielnimmers oppikt wurde soene om har nei it hotel yn Subotica te bringen. We kamen twa oeren te betiid oan en dat joech ús de gelegenheid om yn

petear te gean mei Romedi Arquint, foarsitter fan de FUEN, en mei twa manlju fan de Gornishe minderheid út Ingelân. We stiene fersteld fan de ferhalen dy't dizze manlju ús fertelden! Dan hiene wy it sa min noch net hjir yn Fryslân! De jûns giene Frank en ik op stap mei de foarsitter en de fice-foarsitter fan de Kroatyske jongereinferiening út Servië, wêrfan't wy hiel wat oer de skiednis fan har lân en minderheid learden

Tongersdei te moarn wie it tiid foar de ledegearkomste fan de FUEN. Hiel wat organisaasjes fregen stipe fan de FUEN yn'e foarm fan it yntsjinjen fan resolúsjes oangeande swierrichheden dêr't sy yn har regio's mei te krijen hawwe..

De middeis moast ik, tegearre mei in Sorb út Dútslan, in Kroat út Eastenryk, in Deen út Dútslan en in Dútser út Denemarken nei de studio foar in radiopetear foar in Kroatysk jongereinprogramma. Under de útstjoering hawwe wy ferteld oer de YEN (Youth of European Nationalities, de Europeeske koepelorganisaasje foar jongereinferienings út minderheidstalegebieten), de FUEN en fansels ek oer ús eigen minderheidstaal en -kultuer. Ik tink dat it foar it earst wie dat der Frysk yn Vovjodina te hearren wie!

De freedtemoarns waarden der in stikmannich minderheden dy't yn Vovjodina libje oan ús foarsteld. Tige nijsgjirrich! Nei dy presintaasje bin ik tegearre mei de delegaasje fan de Rie út iten west. We hawwe in soad praat oer it Frysk, ús identiteitsgefoel en oer de gearwurking tusken de Rie en it FYK. It itensskoft wie op dy wize wie sa foarby! Middeis wie der in gearkomste fan it YEN-bestjoer, dêr't ik by wêze moast. De jûns hawwe wy tegearre mei it YEN-bestjoer op besite west by de Hongaarske jongereinorganisaasje fan Vovjodina. Mei elkoar hawwe wy dêr in miel nuttige en binne wy yn petear mei har leden gien. Dêrnei op nei de kulturele jûn dy't foar it FUEN-kongres organisearre wie. Foar my as Fries is it hast ûnbegryplik hoe fanatyk jongerein yn Servië dwaande binne mei folksdûnsjen! Jo hearre der as folksdûnser yn dit lân hielendal by! En dat folksdûnsje ek hiel dynamysk wêze kin, dat ha'k dêr wol ûnderfûn! Oan de ein fan 'e jûn rekke ik noch yn petear mei Jörgen Hahn, in Noard-Fries. Altiid moai om mei jo famylje te praten!

Sneontemiddeis oant en mei in oere as fjouwer wie'k wer drok mei it YEN dwaande. Dêrnei ha'k my lykwols wer ûnder de FUEN-dielnimmers bejûn. Nei in besite oan de mar by Palic, waarden wy (ûnder eskorte fan de plysje, om't der in hege pyf by ús yn'e bus siet) nei in sfearfol restaurant brocht, dêr't wy in útgebred miel krigen. De sfear siet der goed yn en dat kaam net op syn minst troch de tradisjonele muzyk dy't dêr makke waard. In tige nijsgjirrich petear hie ik dy jûns mei de foarsitter fan de jongereinferiening Junge Spitzen (Dútsers út Denemarken) oer it bedriuwen fan polityk yn

ferbân mei minderheidskwestjes. Om't it de lêste jûn wie, hawwe in soad dielnimmers leau'k trochhelle oant en mei in oer as seis moarns. Want ja, it duorret altyd wer in skofke oant jo elkoar wer sjogge fansels.

Ik kin mei in tefreden gefoel werom sjen op it FUEN-kongres en ik bin fan miening dat mear jongerein út ferskate lytse taalgebieten it kongres bywenje moatte soe. Op dy wize kin de jongerein fan de âlderein leare en visa versa. Boppe dat kinne jo je sa ienriedich sterk meitsje foar de rjochten dy't in minderheidstaal takomme. Ik haw it dan ek tige op priis steld dat de Rie it my mooglik makke oan it FUEN-kongres diel te nimmen.

Swingel 2002

brief oan staatsecr. Adelmund 2 oer it Frysk yn it ûnderwiis

FFU Feriening Frysk Underwiis
Oansletten by de Ried fan de Fryske Beweging
Skriuwerskip: G. van der Hoef
Pasteurwei 42
8921 VR Ljouwert

Aan de staatssecretaris van OCW
Mevr. drs. K.Y.I.J. Adelmund
Postbus 25000
2700 LZ ZOETERMEER

Leeuwarden/Ljouwert, 17 mei 2002
Betreft : Advies over de plaats van de kerndoelen Friese taal

Geachte mevrouw,

In aansluiting op onze brief van 4 april 2002 willen wij graag nog reageren op het advies van de Onderwijsraad over de kerndoelen basisonderwijs en basisvorming.

Volgens een bericht in de Leeuwarder Courant van 25 april 2002 heeft de

Onderwijsraad zich evenals de Commissie-Wijnen op het standpunt gesteld dat het Fries opgenomen dient te worden in het differentiële deel van het lessenpakket voor het basisonderwijs.

Afgezien van de in onze bovengenoemde brief vermelde meer principiële argumenten lijkt het voorstel van de Onderwijsraad ons praktisch uitvoerbaar.

Volgens de Raad moeten de scholen in Fryslân "onderwijstijd reserveren die tenminste noodzakelijk is om de kerndoelen voor het Fries te kunnen bereiken".

In het differentiële deel (hooguit 25 %) van de lestijd is hiervoor onvoldoende tijd beschikbaar, omdat daarin ook in Fryslân nog al wat andere activiteiten moeten worden ondergebracht.

In dat geval zouden de kerndoelen Fries alleen kunnen worden gehaald door de scholen in Fryslân extra uren beschikbaar te stellen voor het onderwijs in de Friese taal.

Deze kerndoelen lopen parallel aan die voor Nederlands. Beide talen dienen in samenhang te worden onderwezen met zoveel mogelijk transfer, d.w.z. dat bij het onderwijs in de ene taal gebruik wordt gemaakt van wat in de andere taal is geleerd. Het onderwijs in het Nederlands kan dan profiteren van wat in de Friese lessen is geleerd. Het Nederlands kan dan wel wat tijd afstaan ten gunste van het Fries. Het ligt dus voor de hand het Fries eveneens in het kerndeel onder te brengen.

Daarom dringen wij er met klem bij u op aan in de provincie Fryslân de Friese taal met de Nederlandse taal onder te brengen in het kerndeel. Het begrip kerndoel impliceert volgens de FFU een onlosmakelijk verband met het begrip kerndeel.

Hoogachtend,
drs. Th. Dykstra,
voorzitter FFU

Swingel 2002

Frysk yn VMBO brief oan Adelmund april 2002

FFU Feriening Frysk Underwiis
Oansletten by de Ried fan de Fryske Beweging
Skriuwerskip: G. van der Hoef
Pasteurwei 42
8921 VR Ljouwert

Mevrouw drs. K.Y.I.J. Adelmund,
Staatssecretaris van Onderwijs, Cultuur en Wetenschappen
Postbus 25000
2700 LZ Zoetermeer

i.a.a.:
De Vaste Kamercommissie van Onderwijs
van de Tweede Kamer der Staten-Generaal
Postbus 20018
2500 EA Den Haag

Leeuwarden, 26 april 2002

Betreft: positie Fries in de vmbo- en andere examens v.o.

Geachte mevrouw Adelmund,

Als Feriening Frysk Underwiis (FFU), een belangenorganisatie die zich sinds 1987 beijvert om het Fries een volwaardige plaats te geven in het onderwijs, vragen wij gaarne uw aandacht voor het volgende.

In het kader van de examinering vmbo stelt u een aantal veranderingen voor in het Eindexamenbesluit wvo-havo-mavo-vbo (uw brief d.d. 12 maart 2002, kenmerk VO/BOB/02/1687 aan de Voorzitter van de Tweede Kamer). Hierin komt een aanpassing van artikel 26n van het Inrichtingsbesluit wvo aan de orde, waarbij leerlingen uit de beroepsgerichte leerweg en leerlingen uit het leerwegondersteunend onderwijs die in de basisvorming geen Frans of Duits hebben gehad, binnen de sector Economie een vrijstelling kunnen krijgen voor deze vakken en in plaats daarvan Arabisch, Turks, Spaans of Maatschappijleer II kunnen volgen (p. 3).

De reden zal zijn dat het kunnen volgen van de genoemde allochtone talen tegemoet komt aan de thuistaal van de leerlingen. Mutatis mutandis ligt het

voor de hand om dat uitgangspunt ook voor de (autochtone) Friese leerlingen te hanteren, zodat die naast Engels en Nederlands een tweede taal niet-Nederlands, in dit geval Fries, kunnen volgen. De mogelijkheid om leerlingen examen te laten doen in het vak Fries moet volgens onze vereniging worden bevorderd en uitgebreid (vergelijk ook het provinciale 'Plan fan Oanpak Frysk yn it ûnderwiis Provinsje Fryslân', nov. 2001, p. 21).

De systematiek ten aanzien van de taalkeuzemogelijkheden voor leerlingen, die overal in het vo aanwezig is, wordt daarmee doorgetrokken. Tevens vragen wij u de mogelijkheid om Fries te kiezen door te trekken naar de kaderberoepsgerichte leerweg, wat eveneens een schoolexamen zou kunnen worden.

Die mogelijkheid zal bovendien stimuleren dat het verplichte Fries in de basisvorming een volwaardige, longitudinale plaats krijgt. Vergelijk ook uw samenvatting en weergave van de reacties op 'Variëteit in de basis van het voortgezet onderwijs' (brief 'basisvorming' d.d. 14 dec. 2001, kenmerk VO/BOB/2002/7223, aan de Tweede Kamer), waar het gaat om het belang van doorlopende leerlijnen naar de bovenbouw van het vmbo en de 2de fase havo/vwo (ook ten aanzien van het derde leerjaar) (p. 5) en het bovengenoemde 'Plan fan Oanpak' (p. 11, onder a).

De positie van de moderne vreemde talen (Engels, Duits, Frans, Arabisch, Spaanse en Turks) loopt op dit moment niet parallel met die van het Fries. Voor die mvt is een kerndeel voor de basis- en kaderberoepsgerichte vastgesteld, terwijl dat voor het Fries niet het geval is. Dat zou onzes inziens op zijn minst gelijk getrokken dienen te worden, terwijl een echt afdoende regeling zou moeten inhouden dat het Fries (naast het Nederlands en het Engels) in Fryslân een plaats krijgt in het gemeenschappelijk deel van alle leerwegen.

Wij verzoeken u in het kader van eerder genoemde brief van 12 maart of op andere wijze de mogelijkheden van het Fries in het voortgezet onderwijs te verbeteren.

Hoogachtend,

drs. Th. Dijkstra,
voorzitter FFU

Swingel 2002

Utrikking Fryske Reklamepriis 2001 Th. Dijkstra

De FIB-seal fan de Ljouwerter stedsskouboarch De Harmonie rûn moandei-te-jûn 4 maart 2002 moai fol mei sa'n 400 persoanen foar de jierlikse útrikking fan de Fryske Reklamepriis. De belangstelling wie grutter as ea. In sukses foar de kommisje, dy't útrwreide wie mei fertsjintwurdigers út it Fryske bedriuwslibben.

Eric. J. Jansen fan de Fryske Keamer fan Keaphannel hiet út namme fan de Fryske Reklamepriiskommisje de minsken wolkom. Rients Gratama yn syn funksje as seremoanjemaster hie fierder de lieding op dizze feestlike jûn. Spesjaal útnoege wie Hobbe Faber, bekend út de reklamewrâld, dy't mei in tal nijsgjirrige sketskes de mooglikheden fan reklame yn it Frysk nei foaren brocht. Kreatyf mei taal omgean en it Frysk doare te brûken wiene syn biedwurden.

Sjueryfoarsitter Reitze Jonkman makke de nominearre radio- en tillefyzjespots bekend neidat er earst yngien wie op de hantearre kritearia: kwaliteit, orizjinaliteit en it gewoan brûken fan it Frysk. De oanwêzigen krigen de selektearre 5 radio- en 5 tillefyzje-'spots'ek noch efkes te hearren en te sjen.

Deputearre Bertus Mulder hie de taak de priiswinners te lokwinskjen en de prizen út te rikken. De radiopriis wie foar CBD-Fryslân (biblionet CBD) en de tillefyzjepriis foar Het Friese Land (Maaïke). De advertearder krige in oarkonde mei in cheque fan 2500 euro en it reklamebedriuw dat de spot makke in perspeksfiguraasje.

Njonken de sjuerypriis waard ek in publykspriis takend, organisearre troch Omrop Fryslân. Dizze Essent-publykspriis foar tillefyzje wie ek foar "Maaïke" fan Het Friese Land en de radiopublykspriis wie foar Simmertime fan Pro Acts. Ek de makkers waarden yn it sintsje set.

It oanbod fan frysktalige reklameboadskippen is it ôfrûne jier frij gelyk bleaun. Meiinoar 48 radio- en 27 tillefyzjereklameboadskippen binne troch Omrop Fryslân útstjoerd. Hoewol't it oantal 'spots'no net folle grutter wurden is, kin de sjuery wol in ferbettering fan de kwaliteit fan benammen de tillefyzje-kommersjals konstatare.

Dit is in goede saak, want de kommisje besiket net allinne de kwantiteit, mar ek it nivo fan frysktalige reklameboadskippen te ferbetterjen. It Frysk moat út de âldfrinzige en stigmatysearjende hoeke. Sa hat it bekende tillefyzjespot "It kin net!" fan de Sonnema Berenburg it beswier dat it Frysk maklik lykskeakele wurdt mei minsken dy't in frjemd taaltsje prate.

Gewoane hollânsktalige minsken (jongelju) kinne samar ferkearde konklúzjes lûke.

Dit jier is foar de kommisje in jubileumjier. De Fryske Reklamepriis is nammentlik foar de fyfte kear útrikt. De earste kear yn 1995 en dêrnei yn 1997, 1999, 2001 en no yn 2002. Earst om it jier en sûnt koart alle jierren. Mei troch it útrikken fan de Fryske Reklamepriis moat it mooglik wêze it persintaazje kwalitative reklame-kommersjals dêr't it Frysk as gewoane taal yn brûkt wurdt omheech te bringen. Undersyk wiist út dat hast 90% fan de Fryske befolking der ek gjin beswier tsjin hat dat it Frysk mear brûkt waard. No de adverteders noch!

Swingel 2002

brief oan Adelmund 2002 oer Frysk yn Underwiis

FFU Feriening Frysk Underwiis

Oansletten by de Ried fan de Fryske Beweging

Skriuwerskip: G. van der Hoef

Pasteurwei 42

9821 VR Ljouwert

Aan het ministerie van OC&W

Staatssecretaris drs. K.Y.I.J. Adelmund

Postbus 25000

2700 LZ Zoetermeer

Leeuwarden, 4 april 2002

Betreft: Advies van de commissie kerndoelen basisonderwijs (januari 2002).

Reactie op de plaats van het vak Fries in het advies van de commissie kerndoelen basisonderwijs.

Geachte staatssecretaris,

Het bestuur van de Feriening Frysk Underwiis (FFU) heeft met ontstemming kennis genomen van het advies van bovengenoemde commissie het vak Fries niet meer in het kerndeel op te nemen maar in het differentieel deel te plaatsen. Door dit verplichte vak op te nemen in de rij

van facultatieve mogelijkheden verliest het aan status en op deze wijze wordt de implementatie van dit betrekkelijk jonge vak (pas ingevoerd in 1980) eerder belemmerd dan bevorderd.

De argumentatie van de commissie dat de Friese taal niet tot de verplichtingen behoort die voor alle scholen gelden is in zoverre onjuist daar het Fries voor alle scholen in de provincie Fryslân tot de verplichte vakken en als zodanig tot de 'kern' behoort als moedertaalonderwijs voor de Friestalige leerlingen en als tweede-taalonderwijs voor de van-huis-uit anderstalige leerlingen. Uitzonderingen als het verkrijgen van een (tijdelijke) ontheffing doet aan deze regel, die gebaseerd is op gelijkwaardigheid en gelijkberechtiging aan het Nederlands, niets af.

De commissie wil naar aanleiding van een recent inspectierapport over de kwaliteit van het Fries de huidige kerndoelen voor dit vak herzien. Een bijstelling naar beneden zou de gelijkberechtiging van het Fries aan het Nederlands in Fryslân eveneens ernstig geweld aan doen. De gelijkwaardigheid van deze in Nederland autochtone taal is hier in het geding.

Het Report of the Committee of Experts aan de Raad van Europa is negatief over de toepassing door de Nederlandse overheid van het ondertekende Europese Handvest inzake regionale talen of talen voor minderheden (februari 2001). Juist op het gebied van het onderwijs constateert de ECE grote hiaten. Het is dan ook onbegrijpelijk dat in uw brief van 23 mei 2001 de commissie niet op de hoogte is gesteld van wat de rijksoverheid t.a.v. het Fries uit het Handvest ondertekend heeft. Op 5 juni 2001 hebben rijk en provincie Fryslân de derde bestuursafpraak Fryske Taal en Kultuer getekend. In deze bestuursafpraak voor de jaren 2001-2010 wordt voor het onderwijs gesteld dat "het Rijk...m.b.t. het Fries direct of indirect zorg (draagt)voor de naleving van het Europees Handvest ". Als de landelijke overheid het advies van de Commissie Wijnen t.a.v. het Fries in het (basis)onderwijs zou overnemen, zou zij zich volgens de FFU als onbetrouwbaar kwalificeren, omdat het in strijd is met wat de rijksoverheid in recente wet- en regelgeving heeft vastgelegd. Het Fries uit het kerncurriculum halen zou een bedreiging vormen voor de Friese (culturele) identiteit.

Aanpassing van de kerndoelen Fries bij een qua taalachtergrond gemengde leerlingpopulatie gaat volgens de FFU teveel uit van het klassikale systeem en te weinig van moderne inzichten van adaptief

onderwijs. Alle kinderen dienen in ontwikkelend basisonderwijs ondanks verschillen maximale ontwikkelingskansen te krijgen in het mondeling en schriftelijk beheersen van het Fries. Kerndoelen zijn dan ook kerndoelen en behoren in goed onderwijs door alle kinderen op gedifferentieerde wijze bereikt te worden. De oplossing van de verschillen tussen leerlingen dient niet gezocht te worden in een bijstelling van de identieke kerndoelen voor beide autochtone talen , maar door een aangepaste methodiek . Of zoals de commissie het zelf formuleert :

"Daarnaast is er reden om onderwijsmethoden te ontwikkelen die flexibel hanteerbaar zijn met het oog op de gemengdtaligheid van de leerlingpopulatie en die integratie van het onderwijs in de Friese taal met leeractiviteiten in andere leergebieden stimuleren".

Voor alle leerlingen behoort er ook voor het Fries sprake te zijn van een doorgaande lijn m.b.t. het vak en de voertaal tot de bovenbouw van het vmbo en de tweede fase van het havo/vwo. Een doorgaande leerlijn is van groot belang om een integratieve aanpak zoals het experiment met de zg. trijetalige skoalle (een schooltype met drie talen als vak en voertaal; Nederlands, Fries en Engels) niet te frustreren. Een advies om het Fries in het van minder belang geachte 'differentieel curriculum' te plaatsen doet dit wel!

De Friese bevolking heeft recht op emancipatie in haar strijd om gelijkberechtiging als autochtone minderheid in Nederland mede vanwege het territoriaal beginsel. Er is geen andere plek waar de Friestalige bevolking haar identiteit kan beleven . Het onderwijs in de Friese taal in een tweetalig systeem dient daartoe een bijdrage te leveren en taaldiscriminatie een halt toe te roepen. .

De FFU onderschrijft van harte de inhoud van de kort geleden aan uw adres verzonden brief van de Ried fan de Fryske Beweging over het advies van de commissie kerndoelen basisonderwijs (6-2-2002).

Het bestuur van de FFU hoopt dat bij een uiteindelijke vaststelling van de kerndoelen de gelijkwaardige positie van het Fries in het onderwijs gerespecteerd wordt.

Hoogachtend,

Th. Dijkstra, voorzitter.

Swingel 2002

Iepen brief fan de Fryske Beweging oer de posysje fan it Frysk yn it basisûnderwiis

Ministerie van OC&W
Staatssecretaris K. Adelmund
Postbus 25000 2700 LZ Zoetermeer

Advies van de commissie kerndoelen basisonderwijs

6 febrewaris 2002

Reactie op de plaats van het vak Fries in het 'advies van de commissie kerndoelen basisonderwijs' (januari 2002)

Geachte staatssecretaris,

Naar aanleiding van het verschijnen van het rapport 'Verantwoording Delen' willen wij onze hevige verontrusting laten blijken over de daarin geformuleerde gedachte om het vak Fries niet in het kerndeel van het basisonderwijs op te nemen. Dit betekent een achteruitgang van de positie van het Fries en is volgens ons in strijd met door Nederland in het 'Europees Handvest voor Regionale Talen of Talen van Minderheden' (Handvest) aangegeven verplichtingen ten aanzien van het Fries. Wij pleiten ervoor om het Fries een geïntegreerd onderdeel te maken van het curriculum, zowel als voertaal als bij het taalonderwijs. Hieronder zetten wij onze gedachtengang nader uiteen.

1980

Het jaar 1980 was voor het Fries een keerpunt in de geschiedenis. Het Fries werd bij wet een verplicht vak in het lager onderwijs. Een aantal jaren later werd deze verplichting overgenomen bij de invoering van de wet op het basisonderwijs. Door die wet moesten kerndoelen worden vastgesteld. De kerndoelen voor het Fries lopen parallel met die van Nederlands. Op papier had het Fries zich een volwaardige plaats verworven in de school.

Nije keardoelen

Al langere tijd was er onvrede over de bestaande kerndoelen (niet alleen die voor het Fries). De kerndoelen zouden leiden tot een overladen programma van de scholen, maar waren bovendien zodanig globaal omschreven dat ze niet duidelijk maakten welk beheersingsniveau er aan het eind van de basisschool zou moeten worden gehaald. Daarom heeft de staatssecretaris de commissie 'kerndoelen basisonderwijs' ingesteld om haar te adviseren over een herziening van de de kerndoelen voor het basisonderwijs. Uit de instellingsbrief blijkt dat een deel van het programma voor alle basisscholen hetzelfde moet zijn en dat een deel vrij moet kunnen worden ingevuld door de scholen. In januari 2002 is het rapport Verantwoording Delen aan staatssecretaris Adelmund aangeboden.

Op basis van de opdracht komt de commissie met een aantal aanbevelingen:

Het kerndeel is de leertijd die de leerlingen besteden aan de kerndoelen. De commissie

verwacht dat hiervoor 70% van de leertijd benodigd zal zijn.

Het aantal kerndoelen wordt zodanig beperkt dat ze binnen die 70% gerealiseerd kunnen worden.

De overige 30% wordt besteed aan het differentieele deel. Die tijd kan gebruikt worden om extra tijd te besteden aan kerndoelen die door sommige leerlingen in het kerndeel nog niet gehaald zijn. De tijd kan ook worden gebruikt voor andere leerdoelen.

De commissie geeft vervolgens een opsomming van de leergebieden die in het kerndeel thuis horen.

Nederlandse taal

rekenen / wiskunde

oriëntatie op mens en maatschappij

oriëntatie op natuur en techniek

kunsthoudende oriëntatie

bewegingsonderwijs en spel.

Over het differentieele deel wordt niet veel gezegd omdat dit wordt overgelaten aan de scholen. Een aantal voorbeelden van de invulling wordt wel gegeven.

Er kan uit een "breed scala aan onderwerpen, van voorlichting over vuurwerk tot instructie voor tandenpoetsen, van 'kunst in de klas' tot 'krant in de klas'" (citaat uit het rapport) worden gekozen.

Volgens de commissie hoort Fries in het differentieele deel thuis. Daarbij wordt aangetekend dat Fries als enige vak in het differentieele deel in Fryslân verplicht wordt. Dat is paradoxaal. Verplichte vakken horen in het kerndeel thuis. Bovendien is er op grond van het Europese Minderhedenhandvest ook alle reden om het Fries binnen Fryslân die plaats te geven.

Frysk ûnderwiis en it Europeesk Minderhedehânfêst

Nederland heeft in het kader van het Handvest artikel 8.1.b.ii. ondertekend, waarin Nederland toezegt dat in Fryslân een aanzienlijk deel van het basisonderwijs in het Fries gegeven zou worden. In artikel 8.1.g is aanvullend verklaard dat er waarborgen zullen komen om het onderwijs in eigen geschiedenis en cultuur van Fryslân te garanderen. Vervolgens heeft de Raad van Europa onlangs in een rapport geconcludeerd dat de inspanningen die Nederland verricht op het terrein van het onderwijs absoluut onvoldoende zijn. De vraag dringt zich op hoe het mogelijk is dat, vlak nadat er een rapport van de Raad van Europa is verschenen over het achterblijven van de doelstellingen voor het Fries in het onderwijs, er een commissie is die het Fries nog minder ruimte geeft. Hoe valt zo iets te rijmen met de verplichtingen die Nederland op zich heeft genomen door het ondertekenen van het Handvest? Door het Fries nu uit het kerndeel te halen verwijderd Nederland zich alleen maar verder van die inspanning en gaan we in de tijd terug naar de periode van na

1937, toen het Fries onderwijs voor het eerst facultatief toegestaan werd.

Rânstêdelik misbegryp

De commissie zegt dat ze op diverse terreinen deskundigen hebben geraadpleegd. Als er dan niet aan gedacht is om iemand uit Fryslân in de commissie te benoemen, had men zich dan niet tenminste in Fryslân zelf moeten laten adviseren? Ook voor de programmering van de andere vakgebieden ademt het rapport de geest van een (randstedelijk) eenheidsdenken. Over tweede taalproblematiek wordt niet of nauwelijks gesproken, ook niet i.v.m. met de allochtonen.

De commissie spreekt zich ook uit over de reden:

“[...] om de doelen van het onderwijs in Friese taal te herzien. De huidige kerndoelen, die identiek zijn aan die van Nederlands, blijken niet goed aan te sluiten bij de situatie dat op het grootste deel van de basisscholen sprake is van een qua taalachtergrond gemengde leerlingpopulatie.” (citaat uit het rapport)

De huidige kerndoelen voor Fries en Nederlands zijn gelijk. Door deze opmerking zegt de commissie met zoveel woorden dat het halen van de huidige kerndoelen Fries voor niet-friestalige kinderen niet aan de orde hoeft te zijn. En dat terwijl friestalige kinderen wel geacht worden zich het Nederlands volledig eigen te maken. Dat is niet wat wij onder gelijkwaardigheid in een tweetalige provincie verstaan. Fries taalonderwijs is voor alle kinderen in deze tweetalige provincie, net zo goed als het Nederlands taalonderwijs.

Het is overigens een goede zaak dat daarbij rekening gehouden wordt in de onderwijsaanpak met de taalachtergrond van de kinderen. Daarover doet de commissie ook een aanbeveling die wij met instemming begroeten:

“Daarnaast is er reden om onderwijsmethoden te ontwikkelen die flexibel hanteerbaar zijn met het oog op de gemengd taligheid van de leerlingpopulatie en die integratie van het onderwijs in Friese taal met leeractiviteiten in andere leergebieden stimuleren.” (citaat uit het rapport)

Dêrom.....

omdat het Fries in Fryslân naast Nederlands een officieel erkende taal is en dus voor zowel van huis uit friestaligen als nederlandstaligen van belang is,

omdat Nederland de verplichting is aangegaan om een “aanzienlijk deel” van het basisonderwijs in het Fries te geven,

omdat het moreel ook niet te verdedigen is dat Nederland een situatie accepteert waarbij een deel van zijn inwoners door het onderwijssysteem tot analfabeten in eigen moedertaal gemaakt wordt,

aansluitend op de aanbeveling die de commissie Wijnen doet:

om praktisch in te spelen op de taalachtergrond van de leerlingen,

om de integratie van het onderwijs in de Friese taal in andere leergebieden te stimuleren,
eisen wij:

Fries in Fryslân in het kerndeel (daarbij valt te overwegen of het kerndeel voor Fryslân iets
vergroot moet worden tot bijvoorbeeld 75%; de integratie staat echter voorop),

als vak en als voertaal (mondeling en schriftelijk) bij andere vakken,

aansluiting van de leerinhouden bij regionale geschiedenis, natuur, landschap en
economische situatie.

Wij hopen dat u van deze opmerkingen kennis wilt nemen en bij het vaststellen van de
uiteindelijke kerndoelen voor het basisonderwijs de positie van het Fries zult garanderen,

hoogachtend,

A.P. Versloot

skriuwer